



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTKSE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein 27 april 2008

De Tsjinst

Tekst: Joh. 16:5-15 en
Openb. 14:1-7



Dûmny hat preke oer
Johannus op Patmos. Se sei û.o.: "It is by ús
minskens mar krekt hoe 't wy tsjin de dingen
oansjogge. Hokker bril as wy op ha. Johannus
seach yn in fisioen it libben fan de gemeente
fan Kristus fan út it opstanningsleauwen.
Kristus hat de dea foar ús oerwûn en wy meie
mei Him libje. Net allinne letter mar no ek al.
Ek al sitte wy ûnder wetter. Mei de periskoop
fan it leauwen yn Kristus kinne wy de blauwe
himel sjen".

Foarbede

Yn de tsjinst is foarbede dien foar de
neibesteanden fan Cor Reitsma en frou Hiske
Offinga-vd Velde. Beide binne stoarn.

Ek is der bidden foar de jonge minskens dy't mei
Sietske Visser en Trudy Labouschagne nei
Ausswitz yn Polen binne.

Tsjinst fan it dielen

1^e Kollekte: Edukaasje
2^e Kollekte: Tsjerke

Blommen

De blommen gongen nei:
De famylje vd Woude oan de Swichumerdyk
It wie in prachtich blomstik makke ta eare fan
de jierdei fan ús kroanprins Willem Alexander.
Lies de Jong hat it makke.



Bysûnderheden

De âlderling fan tsjinst, Jelle de Jong, lêst twa
roukaarten foar.

1^e dy fan Hiske Offringa vd Velde. Sy is op 22
april stoarn. 80 jier âld.

'De Heer is mijn Herder' stie boppe de roukaart.
Sneon 26 april is se hjir begroeven.

2^e Cornelis (Cor) Reitsma is 26 april ferstoarn. Hy
wurdt 29 april hjir begroeven. 95 jier mocht 'r
wurde.

'Tink oan Him op al dyn wegen. Dan sil er dyn
paad sljocht meitsje', stiet boppe de roukaart.

Nijsgjirrich te sizzen is dat de dûmny nei de
tsjinst opmurk: "Wat is dit in blijde gemeente, met
in goede sfeer".

Soks is moai te hearren fansels. Lit ús it sa
hâlde.

Meiwurkers

Foargonger: Ds. R.B. Nijendijk-Crossen

Oargelist: Elske Posthuma

Koster: Jannie Smids

Âlderling fan tsjinst: Jelle de Jong

